

Provinsje Fryslân
Afdeling Omgevingszaken
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Burgum, 20 desimber 2019

ús merkteken : S2019-30934
dossier : Z2019-12912
behannele troch : Jens Zeemans
telefoannûmer : (0511) 460 904
jo brief fan : 25 novimber 2019
jo merkteken : 01717878
ûnderwerp : **Opfetting wijziging Verordening Romte Fryslan 2014 (windturbines)**

Achte Kolleezje fan Deputearre Steaten,

Op 19 novimber 2019 hawwe jimme de Ontwerp Wijziging Verordening Romte Fryslân 2014 (windturbines) fêststeld. Hjirby meitsje wy gebrûk fan de mooglikheid in opfetting yn te tsjinjen.

Enerzjytransysje

Yn desimber 2015 hat Nederlân yn Parys ynstimd mei it FN-Klimaataakkoart. It akkoart hat as doel it opwaarmjen fan de ierde te beheinen nei rom ûnder de twa graden Celsius. It kabinet hat yn it regearakkoart oanjûn dat it de útstjit fan broeikasgassen yn 2030 mei 49% beheine wol yn ferliking mei 1990. De gemeente hat fan de ryksoerheid de rezjyrol krige foar wat de waarmtetransysje oanbelanget. Foar 2021 moat foar alle buerten en wiken in plan wêze om fan it ierdgas te gean, de transysjefyzje waarmte (TFW).

De gemeente Tytsjerksteradiel is op't heden drok dwaande dizze TFW op te stellen. Dêrby stribje wy der nei om yn 2040 enerzjyneutraal te wêzen. Sjoen de fersprate lizzing fan wenten yn ús gemeente en it gebrek oan alternativen, sil de oplossing foar in grut diel út "all electric"-oplossings bestean. Foar it ferkear jildt dat elektryske auto's sûntsjesoan algemiener wurde.

Dêrom sil nettsjinsteande alle besparingsmaatregels it elektrisiteitsgebrûk de kommende jierren sûnder mis tanimme, mear as mei sinnepanielen op gebouwen oplost wurde kin. It duorsum opwekken fan enerzjy is needsaaklik en dat sil – ek yn ferbân mei in stabyl netwurk - mei in goede miks fan sinne- en wynenerzjy barre moatte.

Yn jim Memorie van Toelichting wurdt referearre oan de provinsjale doelstellings oant 2030. Op de langere termyn moat folle mear barre wat it duorsum opwekken fan enerzjy oanbelanget. Dizze maatskiplike opjefte hat romtlike konsekwinsjes en

fereasket in oanpast en adekwaat romtlik belied. Spitigernôch biedt it útstelde provinsjale belied dêr nei ús betinken no ûnfoldwaande romte foar. Dêrtroch wurdt de enerzjytransysje fertrage en sille de klimaatdoelen net (op 'e tiid) helle wurde.

Wynturbines (oant ashichte 15 meter)

Jim ûntwerp wiziging jout no mooglikheden om lytse wynturbines yn it lanlik gebiet te realisearjen. Dat is in positive ûntjouwing. Oan de realisaasje fan de lytse wynturbines wurde lykwols betingsten steld dêr't wy muoite mei hawwe. Dat binne ûnder oaren:

- Allinne agraryske bedriuwen krije de mooglikheid dizze lytse wynturbines te realisearjen. Romtlik sjoen is it lykwols minder relevant hokker funksje de bebouwing yn it bûtengebiet hat wêr't de turbines by pleatst wurde. Wy kinne ús situaasjes yntinke wêrby dizze lytse wynturbines prima yn te passen binne, bygelyks by in fabryk, soarchbuorkerij as partikuliere wenning;
- In agrarysk bedriuw mei net mear stroom opwekke as foar eigen gebrûk nedich is. Dat is dreech te hifkjen en ûnmooglik te hanthavenjen. Jim sille begripe dat wy net op dy taak sitte te wachtsjen;
- Der wurdt in maksimum fan trije turbines oanhâlden. Nei ús miening soe per oanfraach beoardiele wurde moatte oft it oanfrege tal mûnen goed past by de oanbelangjende lokaasje.

Graach soene wy sjen dat der mei each foar de opjefte dêr't wy mei elkoar foar steane (RES) sjoen wurdt nei mear romte foar romtlike ynpassing.

Grutte wynturbines

Sjoen de grutte enerzjy-opjefte dêr't wy mei ús allen foar stean en foar in stabile produksje fan elektrisiteit is it needsaaklik om ek op lân wynenerzjy op te wekken. Wy hawwe der begryp foar dat de provinsje hoeden omgean wol mei it realisearjen fan grutte wynturbines út noed foar ús lânskip. Binnen de ûntwerp Wiziging bliuwt it yn de praktyk lykwols ûnmooglik om nije grutte wynturbines te realisearjen. Der wurdt gjin fiersicht sketst wêr't provinsje ûntjouwing fan wynenerzjy wol winske achtet. It sprekt foar himsels dat lânskiplike ynpassing fan de wynturbines dêr in wichtige rol yn spylje moat.

Yn it bysûnder hechtsje wy belang oan inisjativen út ús eigen mienskip wei. Der komme de lêste jierren mear enerzjykoöperaasjes dy't in wichtige rol spylje yn de enerzjy-transysje. Fan ûnderen op wurde plannen makke om enerzjy te besparjen en op in duorsume wize enerzjy op te wekken. De finansjele opbringsten komme de eigen ynwenners en de mienskip ten goede. De koöperaasjes moatte de mooglikheid hawwe harren nei eigen winsk te ûntjaan. Wy fine dêrom ek foar doarpsmûnen dat de gemeente in rommer foech krije moat wat de omjouwingsaspekten oanbelanget.

Ferfangen besteande (doarps)mûnen

Al sûnt 1994 steane yn ús gemeente twa doarpsmûnen by Wyns. Sjoen it boujier mei dúdlik wêze dat se harren langste tiid hân hawwe. Wy hawwe fan de Feriening Doarpsmûnen Wyns, Bartlehiem, Tergrêft fernommen dat der noch gjin oerlis mei de provinsje west hat.

Wy geane der fanút dat beide mûnen ûnder it nije artikel 9.2.1 kêst 2 falle en dat it provinsjaal belied de romte biedt om gemeentelik belied op te stellen wêrby beide wynturbines oerienkomstich artikel 9.2 fan de feroardering opskald wurde kinne. Dat sil dan ek ta útdrukking komme moatte yn de limitative list dêr't jimme yn de taljochting nei ferwize.

Jim ûntwerp wiziging jout oan hoe't omgien wurde sil mei besteande wynmûnen fan legere hichte. It jout net oan hoe't omgien wurdt mei net brûkte besteande planologyske mooglikheden om wynmûnen te pleatsen. Mochten jimme de mooglikheden net ferromje om nije solitêre doarpsmûnen te realisearjen, dan wolle wy jim freegje om linich om te gean mei de besteande planologyske romte en it mooglik te meitsjen dy romte yn te wikseljen foar doarpsmûnen op oare lokaasjes yn ús gemeente.

Mei freonlike groetnis,

boargemaster en wethâlders fan Tytsjerksteradiel,	
de siktaris/direkteur,	de boargemaster,

H.M. van Gils

drs L.J. Gebben